

# KRYPTOGRAM 213A

## Horizontaal:

1 Fet fleis (10); 6 Sjoukje is op 't lêst noch mar in bern (4); 10 Sûnder útstel de âlde stêd foar de nije (6); 11 Miskyn no en dan, mar meast let (8); 12 Troch de oanwizings kaam de spierpine werom (4); 13 Ofrit (10); 15 Sa 'n nettel kin waarmte yn it hea opleverje (7); 18 Heart by in útstekkend hantfet (7); 19 Lei ferkeardom yn de bun (3); 20 Lêste hâlding fan in jerke (7); 21 De ôfrin fan proaza oer Kwik, Kwek en Kwak (7); 24 Perfoarst net foardwaan (10); 26 De poppen âlen doe 't de string der ôf foel (4); 27 Draaistek by Grins (8); 28 Wat fine jim fan polls? (6); 29 Dit orgaan is wer skjûn (4); 30 Hûn fan in ambachtlike barkeeper (10).

## Fertikaal

2 Wapen fan aptekers (7); 3 Yn kontakt komme mei in drinkbuiske is in treffer (7); 4 De fiskiter ferskûlet him yn de Rotte (5); 5 Skippen fan metaal (11); 7 Feint fan de merkekeapman dy 't nei de befaling komt (9); 8 In rike skynt ek syn eigenaardigheden te hawwen (9); 9 Wat opsykje oer


ûnsportyf gedrach (8); 14 Nije skuonne-saak (11); 15 Plattelânsadel (9); 16 Oerdreaun beneame (9); 17 Hein rint al in jier mei in pyk (8); 22 Traap fan de lêste jerke (7); 23 Bemuoie mei it ferlienen fan tagong (7); 25 Dy drage doeken en pakken (5).

As it kryptogram klear is, fine jo yn de hokjes: 15 - 6 - 13 - 30 - 10 - 2 in Fryske plaknamme.

Mail dy namme nei [denksport@lc.nl](mailto:denksport@lc.nl), ûnder fermelding fan Kryptogram 213a. Of skriuw dy namme op in brievekaart en stjoer dy oan: Redaksje Ljouwerter Krante, postbus 394, 8901 BD Ljouwert, mei op de adreskant: Kryptogram 213a.

De oplossing moat op syn lêst tongersdeitemoarn **14 september** by ús wêze. Under de ynstjoerders fan de goede oplossing wurdt in boekebon ferlotte.

**BOEKENBON t.w.v. €25,-**



## Kryptogram 212a:

Plaknamme:

**HÚNS**

Winner Boekebon:

Y. Nauta, Sondel

LEEWARDER COURANT

2-9-2023